

[0414] De Klearkampster stikken yn it twade Copiarium fan Gabbema

As men in bydrage leverje wol ta in tinkskrift foar Mr. Meinte Oosterhout, dan leit it yn 'e reden, dat men hwat it ûnderwerp oanbilanget oanslút óf by de Recesboeken, dêr't de forstoarne freon en kollega sa'n trefliken útjefte fan bisoarge hat, óf by de oarkonden, dy't syn spesialisme by útstek wiene. Yn syn lêste jierren gie syn bilangstelling binammen út nei de registers en nei de samlingen fan byinoar hearrende oarkonden, lykas bliken docht út it ûndersyk, dat er mei syn wurkgroep die nei de stikken oer de forhâlding Fryslân-Grins - in ûndersyk, dat er spitigernôch net mear klear krige hat -, en út syn artikel oer it register fan Hemma Odda Zin yn dit tydskrift, jg. 18 (1969), 53-81. Ta de kennis fan de Aldfryske oarkonderegisters woe ik hjir in stientsje oandrage.

De beide ôfskrifteboeken (copiaria) fan S.A. Gabbema¹ binne foar de frizist fan great bilang. Der steane frijhwat Aldfryske oarkonden yn, en de measten dêrfan kinne wy hjoeddedei allinne dêr noch fine: it eksemplaer, dat Gabbema oerskreaun hat, is sûnttiid forlern gien.

Om't wy fan inkelde fan dy stikken hjoeddedei it origineel noch wòl kenne, kinne wy oan de hân dêrfan fêststelle, hoe krekt oft Gabbema wie by it oerskriuwen. Foar dat ûndersyk komme op it earste each trettjin oarkonden yn 'e bineaming², mar dêr falt al daliks ien fan ôf: Sipma jowt wol op, dat Oork. I. 59 ek foarkomt yn it twade copiarium fan Gabbema, mar dat is net wier, de stikken lykje allinne in bytsje op inoar. Leit men nou fan de oare tolve stikken de tekst fan it origineel njonken dy fan Gabbema, dan kriget men in nuer risseltaet. By acht stikken is de oerienstemming moai great. Fansels, Gabbema hat normalisearre en hy makket wolris in flater, mar oer it ginnerael falt it net ôf. By de oare fjouwer oarkonden lykwols is it ûnderskie gâns greater, sa great, dat men jin ôffreget oft Gabbema net in oar eksemplaer brûkt hat as hwat wy kenne.

Ien fan dy ôfwikende stikken is de Ljouwerter merkefrede (O.II.36), de oare trije³ steane yn in blok oarkonden, dy't mei Klearkamp gearhingje, in blok, dat bls. 35-90 fan it twade copiarium bislacht. Yn dat blok steane nammers ek twa oarkonden⁴, dy't Gabbema wòl fan deselde eksemplaren oerskreaun liket to hawwen, dy't der tsjinwurdich noch binne.

Om it ûnderskie tusken de twa typen útkomme to litten, sette wy hjir earst fan O.I.42 de tekst fan it origineel njonken dy fan Gabbema. Dit is ien fan de twa Klearkampster⁵ stikken, dy't Gabbema nei alle gedachten fan dit selde origineel oerskreaun hat.

Origineel

Ik Vffa tho Heer wey. greeth-
 mon. In donchghera deel. Iylth
 poltzma. mede rucher. dwaeth
 kueth. Ende uppen beer. mith 5
 dis Epena brewe. thet ther kom.
 In uys rucht. Ener handa claghe.
 als twyska renyk tho reyssym.
 Ende tha kelleren tho furswert.
 vm .iiij. pundameta meed landis. 10
 Al deer lydzen synth In burnd-
 werdera hammerk. deer renyk on
 spreek. fon scylgha dowa weghe-
 na Ende syn seth al deer vp
 baed. Ende thi keller syn seth 15
 al deer tho ienst baed In lyka
 furma. Ende renyk foers. des
 lettera waer deys. den keller
 kestghed mith twam. thet ber do-
 wa ne wrald. neen ayndom. In 20
 dis foers. land. hawen had.
 theer tha kouent tho furswert
 aeth hyndrya mucht Ende thi
 keller foers. tha kest on no-
 mad. Ende ful Een Al last hab- 25
 bet. In Een weer heyd disses
 brewes so habba wy vffa Ende
 Iylth foers. uys seghel an
 thit breef hwynzen. Int Ieer
 vns herens .M^o.cccc^o.Ende.xxv.vp 30
 marcellj. et marcelliani Marti-
 ris etc.

*RA Fryslân, Forskillende klea-
 sters 2²; op 'e dors allinne
 lettere oantekeningen, dêrûnder
 fan Gabbema: Descripsi*

Gabbema

Copia ex Pergameno.

Ik Vffa tho Heer-wey Greeth-
 mon in Donchgheradeel, Jylch
 Poltzma mede Riuchter dwaeth
 kueth, ende uppenbeer, mith
 dis epena brewe. thet ther kom.
 in uys rucht. ener handa claghe
 twyska Renyk tho Reyssim.
 ende tha Kelleren tho Furswert,
 um IV. pundameta meed landis,
 aldeer lydzen synth in Burad-
 werdera hammerk. deer Renyk on
 spreeck. fon scylgha Dowa weghe-
 na. Ende sijn seth al deer up
 baed. Ende thi keller sijn seth
 al deer tho ienst baed in lyka
 forma. ende Renyk foers. des
 lettera waer deys. den Keller
 kestghed mith twam. thet ber Do-
 wa ne wrald. neen ayndom. jn
 dis foers. land hawen had.
 theer tha Convent tho Furswert
 aeth hyndria mucht. Ende thi
 Keller foers. tha kest en no-
 mad. ende ful een Al last hab-
 bet. jn een weerheyd disses
 brewes so habba wy vffa ende
 Jylch foers. uys seghel an
 thit breef hwynzen. jn't jeer
 uns Herens MCCCC ende XXV. up
 Marcelli en Marcelliani Marty-
 ris etc.

*Algemeene opm.: alle nammen bi-
 halven dy fan de hilligen yn r.
 31 binne ûnderstreke.
 23 efter thi ien letter trochskr.
 24 efter en trochskr. monad (?)
 28 efter uys trochskr. sg*

Sa't men sjocht: de forskillen binne net sa bare great; goed bisjoen binne der mar in stik tsien echte flaters: *Jylch* foar *Iylth* (r. 3 en 28) *riuchter* foar *ruchter* (r.4), *epena* foar *epenna* (r.6), *twyska* foar *als twyska* (r. 8), *Buradwerdera* foar *Burndwerdera* (r. 11), *forma* foar *furma* (r. 17), *Convent* foar *kouent* (r. 22), *en* foar *on* (r. 24) en *en* foar *et* (r. 31). Dêr komme dan fansels de normalisaesjes noch oerhinne, mar dy moat men winlik op rekken fan in oare útjeftechnyk sette: pas yn de tweintichste ieu hawwe wy ôfleard om it krekt sa to dwaen as Gabbema.

As kontrast ien fan de trije Klearkampster oarkonden, dy't yn Gabbema syn tekst sa fier ôfwike fan it origineel, dat men jin ôffreget oft dêr gjin oar eks. brûkt is: O.I.26.

*Origineel*⁶

Ic dowa doyngha gretmon in
donta dele dwet kanlije en
vppenbere alle tha jenim deer 5
dith bref siaeth jefta herath
lessen dat in vs riucht is kom-
men ber gossa fon cleercomp
ende hath vp bethen aen waerf
then ora ende then thredda 10
fyower pundameta londis bytha
aestria igge fon boyngmare fon
sijrdsma guthe ta berdauwerth
ende tha foers. bothe niemma
vr sprepsin haeth ner wer seth 15
so dwe ik by rethe myra may
riuchtera ber gossa forscr.
ferdbon vp thit foers. lond en by
fellit alla liothim by achtich
pundim thet him nymma neen wield 20
ief vn riucht oen dwe In en or-
kensciip thissis so hab ik do-
wa foersc. myn segil in thit
breef ghehanghen Int jere vns he-
rens thusen fiower hunderth en 25
aechteen vp sente agneten aech-
tenda dey

RA Fryslân, *Klearkamp 5*; op 'e
dors: fan iiiij pondismeta by
boynghemer ferdban anno cccc
xviiij (en mei oare hân:) ber-
dauwert

Gabbema

Dit is en FERDBAN da IV. punde-
mete by Boyngmar to Birdawerth.
Ic Dowa Doynga Gretman in
Dantmadeel duaeth kanlyc and
epenbeer alla da jenyn dirt 5
siath jefta herath
lessen, dat in us riucht is ke-
men brodir Gossa fan Clercamp,
ende hat op beden, an werf,
den oren, den tredda 10
IV. pundmeta landis bider
aestra igge fen Boingmare fen
Zijrdma guede to Berdawert,
Ende da fors. borge nemman
urspritzen hath ner urseid,
so due ic bi rede myra mede
riuchteren bror Gossa fors.
ferdban op dit vors. land, anda bi-
fellath alla liudum bi achtich
pundum, dat hem nen mon, wyeld,
ner unriucht on due. In een
tiuch dir wirde, so hab ic do-
wa fors. mijn sigil on dit
breef hueenzen. In't jere us He-
ren M.CCCC. ende 25
XVIII. Op sancta Agneta ach-
tenda dey.

8 Clercamp *forb. út Clarcamp*
9 oan 'e ein fan an ien letter
trochskr.
13 Zijrdma *forb. út Ziurdma (?)*
17 *efter fors. trochskr. fred*
19 achtich *forb. út acchtich (?)*

Wy hoege der fierders net oer to praten: it forskil tusken de twa teksten is hjir gâns greater as by de oarkonde O.I. 42, dy't wy earder ôfprinte hawwe. It is net oan to nimmen, dat Gabbema hjir op eigen manneboet de tekst sa swier (en dan wer yn sok goed Aldfrysk!) foroare hat.

Bisjocht men de copiarja noch hwat kreker, dan wurdt de wierskynlikens, dat Gabbema in oar eksemplaer brûkt hat, noch greater. De opskriften, dy't er boppe dizze stikken set, strike net mei de dorsale oantekeningen op 'e originelen. Dat is yn dy gefallen, dêr't er wøl itselde eksemplaer brûkt, àl it gefal. De dorsale oantekening op it stik Klearkamp 78 (O.I.130) b.g.: 'van vij pundameta litka lichtawert van Wiert wiersma in wyrtsma fen' is by

Gabbema: 'Fan VII. **Pundameta** litka Lichtawerd van WYRD WIERSMA in Wyrtsmafen'. Sa is it ek by de oare stikken, dy't Gabbema oan it selde origineel ûntliet, dat wy hjoeddedei noch kenne. Dêr't op 'e dors gjin âlde ynhâldsopjefte stiet, lykas b.g. by O.I.42 (it stik, dat boppe op s. 32 ôfprinte is), bihelpt Gabbema him mei in oantsjutting as 'Copia ex Pergameno'.

Ek oare bisûnderheden fan it origineel nimt Gabbema yn syn copiarium faek en dikmels oer. Hy tekent by it ôfskrift fan O.II.15 op fol. 24 e.f. fan it earste copiarium oan, dat it stik twa segels hat. Dy twa segels fynt men yndied op ien fan de twa eksemplaren, dy't it Ljouwerter G.A. hjoeddedei noch bisit. Under it ôfskrift fan O.II.42 (fol. 28 e.f. fan it earste copiarium) set er in rige nammen, dúdlik de nammen fan de segelers. Dy nammen komme moai krekt oerien mei dy ûnder it origineel, dat Sipma ek brûkt hat.

Ek oan de originelen sels kin men út en troch sjen, dat Gabbema se yn hannen hawn hat. Op it parkeminten origineel Ryksarchyf Fryslân, Klearkamp 78 (O.I.130) stiet mei Gabbema syn hân: 'Descripsi'. Dyselde oantekening kin men ek fine op Forskillende kleasters ² (Foswert 2) út itselde archyf (O.I.42, sjoch ek boppe s. 32). Boppe it segel fan it kleasterstik Hospitael 10 (O.I.284) hat Gabbema de namme 'Snyts' set, op 'e dors herhellet er dêr de datearring.

Noch op in oare wize kin men oan guon ôfskriften sjen, dat Gabbema se fan in origineel op parkemint oerskreaun hat. Boppe de ôfskriften yn it twade copiarium fan O.I.42 en 130 - de beide Klearkampster stikken, dy't Gabbema oernommen hat fan itselde eksemplaer dat der hjoeddedei noch is - set er: 'ex pergameno'. Sjocht men nou it hiele Klearkampster blok (bls. 35-90) yn it copiarium op dy oantekening troch, dan docht bliken, dat er to finen is boppe alle stikken fan bls. 80 ôf⁷. Mar krekt like systematysk ûntbrekt dy notysje yn it foarste diel fan dit blok, bls. 35-79. Nou koe Gabbema fansels wol op in bipaeld stuit en sûnder oanwiisbere oarsaek of sels oanlieding op it idé kommen wêze om tonei in oantekening op to nimmen oer it materiael, dêr't it stik op skreaun wie, mar dan is it wol frjemd, dat er by de Hospitaelster stikken op bls. 23-33 ek al set hat, dat dy 'ex pergameno' oernommen binne⁸.

It bigjint der in soad op to lykjen, dat Gabbema it bigjin fan it Klearkampster blok nèt fan originelen oerskreaun hat. Nou is der ek yn it earste copiarium in rige stikken, dêr't gjin komôf by oanjown is: de oarkonden, dy't Sipma oantsjut as 'Handelingen ter dagvaart': O.II.103, 106, 107 ensfh., in moai oanslutende seary oantekens fan lândagen, dêr't wy hjoeddedei it origineel net mear fan hawwe. Dat origineel moat hast wol in registerke west hawwe. Soksoarte registerkes binne binammen yn it Ljouwerter gemeentearchyf wol biwarre bleaun: Singels 13, 20, 55 b.g., dêr't Sipma hiele rigen oarkonden foar syn twade diel oan ûntliend hat. Dat wy kinne der ús wol in foarstelling fan foarmje, hoe't sa'n boekje der útsjocht.

It liket bipaeld net ûnwierskynlik, dat nou ek it earste

stik fan it Klearkampster blok út in register oerskreaun is. Bisjogge wy de opskriften fan de oarkonden yn dit stik, dan kinne wy dêr noch hwat mear oer sizze. Dy opskriften binne nammentlik - foarsafier't der überhaupt hwat oan to sjen is - fan in Klearkampster opsteld. Daliks al op s. 35, boppe it earste stik (O.I.81): 'Fan dat land der wy Capada fan Wobka Sika sen to Dockum' - út de ynhâld fan de oarkonde kin men opmeitsje, dat mei dy 'wy' it kleaster Klearkamp bidoeld is. Sa ek op bls. 58, boppe O.I.70: 'COMPROMIS van Botta Helbada ende ws om Odda Ellynga kyndena lawa to Holwert van v. pondemate to Aesterbinthum, rysende fan een alda claester pronda'; op bls. 60, boppe in Latynsk stik: 'Quod Syardus Tyabkama in silva S. johannis et eius uxor se et sua Conventui nostro obtulerunt ...'; op bls. 62 (O.I.71): 'Tuiska Raedtzkerera and ws, om da riuch to ferane'; op bls. 63 (O.I.34): 'Her Vteka Monachus et Sacerdos Clarecampi donavit nobis proprietatem omnium paludalium in Lillingwald...'; op bls. 68 (O.I.8): 'Fan Faenlanden. Twiska DOTHA GERWERDSMA ende ws van II. jerde fanis in Eeslawald'.

Wy kinne nou ús konklúzjes lûke. Fan de oarkonden O.I. 26, 28 en 34 binne ús originelen oerlevere. Dy originelen moatte wol hast ôfkomstich wêze út it archyf fan Klearkamp⁹. Nou kinne der fansels fan dy stikken wol mear originelen bistien hawwe - de oare partij kin ek in eksemplaer hawn hawwe -, mar yn it archyf fan Klearkamp hat grif net mear as ien origineel sitten: hwat moasten hja mei mear? De stikken dy't Gabbema oerskreaun hat komme út it archyf fan Klearkamp, dat blykt út de opskriften. By gefolch hawwe it kopyen west, en hat Gabbema in register mei kopyen út Klearkamp foar him hawn, d.w.s. in cartularium. Dat cartularium is sûnttiid forlern gien.

Haren (Gr.)

P. Gerbenzon

Noaten

1. Ljouwert, P.B., Hs. 9056 O 1 en 2.
2. Sipma, O.I.26 (Gabbema dl 2, s. 40), 28 (dl 2, s. 69), 34 (dl. 2, s. 63), 42 (dl 2, s. 87), 59 (dl 2, s. 78), 130 (dl 2, s. 85), 284 (dl 2, s. 30), Sipma O.II.3 (dl 1, s. 26), 15 (dl 1, s. 24), 36 (dl 2, s.19), 42 (dl 1, s.28), 74 (dl 1, s.30) en 94 (dl 1, s.22).
3. O.I.26, 28 en 34.
4. O.I.42 en 130.

5. De tsjinwurdige ynventaris fan it R.A. yn Fryslân rekkent dit stik ta de ôfdieling 'Verschillende kloosters' (Foswert). Yn Gabbema syn tiid liket it - sjoen syn plak yn it copiarium - ta it fûns fan Klearkamp rekkene to wêzen. Ut de riddenearring dy't ûnder yn 'e tekst folget, kin fierders - en dat wol hast mei wissichheit - ôflaet wurde, dat it stik, dat as Gernaert 1 to boek stiet (O.I.34), ta it Klearkampster fûns heart.
6. Sipma syn tekst is hjir (en boppe s. 32) kollationearre tsjin de foto; ik wie net yn 'e gelegenheit om it origineel sels ek to forlykjen.
7. O.I.353 (s. 80), 111 (s. 82), 72 (s. 84), 130 (s. 85), 42 (s. 87) en 85 (s. 88).
8. Op s. 23 in Hollânsk stik, oan 'e ein hwerfan bûtendat stiet: 'Op de rugge van deesen brief was geschreeven...' - folget in lange oantekening út 1548. De oare Hospitaelster stikken binne O.I.15 (op s. 26) en 284 (op s. 30).
9. Foar hwat it origineel fan O.I.34 oanbilanget: sj. boppe, n. 5.